

## GENEALOGYSK WURKFERBAN; FRAGEN GEARKOMSTE 3 FEBR 2018 (Wytse Tjoelker)

Om te begjinnen in rychje ferskate fragen, dy't wol gearhingje mei in onderwerp der't ik de earste dagen fan it jier by tafal 'ynrûgele'. Wy binne der sa stadichoan oan wend om út 'e hûs wei digitaal te sneupen. Troch Alle Friezen krije wy no feiten op it skerm, dy't by sykjen op papier faaks net boppe kaam wiene. Famylyeskiednis sykje fia Google is noedlik, want lang net alles wat wy tsjinkomme is wier; mar lykwols kin ek dêr gauris nijsgjirrige ynformaasje boppe komme.

By myn ferwurkjen fan de 17<sup>e</sup> ieuse proklamaasjes fan Opsterlân, kaam ik foar it earst yn 1641 (OPS110, s.71) de namme tsjin fan de frou fan Emilius Ottonides, siktaris fan Vredewold, ntl 'Geeske Besuin'. Yn it diel derfoar wie it yn 1634 en '36 alris 'mei syn frou' (NN); yn 1633 noch sonder frou.

As ik digitaal sykje op Besuin, kom ik al gau op de skiednis fan de hofstee De Linde, súd fan Mearum; yn earsten 1623-1853, mei foarskiednis. It is ek lang te finen as 'Corpus de Linde': it moat foar de reformaasje eigendom west ha fan kleaster Trimunt. En grif lykas it kleasterbesit yn FRL troch de Steaten yn beslach naam en ferkocht. Yn de neamde perioade wie it besit fan, opfolgjend troch trouwen/fererven, fan famyljes Besuin, Ottonides, Alserda en De Grijs. Yn de Groninger archieven is in famyljearyf De Grijs – Alserda, de ynliding en taheakken derby binne op it skerm te krijen. Der is in ferwizing nei it jierboek Gruoninga 1991. It slagget –ek sonder dat jierboek- om oer dy 230 jier skiednis fan De Linde in ferhaal gear te stallen. Mar dan wurdt dochs dúdlik dat ús onferjitlike Reid van der Ley, mei help fan like onferjitlike 'master' DJ van der Meer, dat ferhaal yn dat jierboek al útwurke hat.

Dermei bliuwe foar my in mennich fragen oer, benammen by Ottonides en wat by Alserda (dat wiene ek Friezen fan komôf). Emilius Ottonis wie berne yn Beetstersweach, en waard yn OPS ek wol skreaun as Emcke Ottes. Hy wie neiteam fan grytman SME Eemcke Geuckes, fan Aldegea, stoarn 1577. Fragen:

\*1 wa wit mear oer disse Emilius Ottonides en syn heit Otte Cornelis? Suster Jelck Ottes is al troud yn 1603. Emilius hat grif fan dat jier ôf studearre (yn earsten) yn Frjentsjer; 748, 847.

\*2 (wy binne by histoarys undersyk bedoarn mei de namlisten samle troch Martin Engels, no noch as link by site Tresoar) ik ha besocht om op it ynternet te finen, noch sonder risseltaat: de listen fan de studenten 17<sup>e</sup> iuw hegeskoalle Grins; in list fan advokaten talitten by it Hof van Groningen/Stad en Lande, of hoe hiet dat Hof krekt; gritenijskiednis Vredewold o/m 17<sup>e</sup>, 18<sup>e</sup> iuw, mei (of losse listen) grytmannen en siktarissen.

\*3 wa hat wol ynformaasje oer de neiteam fan grytman Eemcke Geuckes; yn quaclappen 1600-1620 is wol wat mear te finen oer Emilius syn âlden, en pake 'jonge Emcke Geuckes' en dy syn soan Siurd. Wa ken har út oare boarnen? (sjoch foar it Sweachster part: Van Teyens-artikel yn geneal jierboek 2006)

\*4 It dochs bliken dat Emilius (wol ferkeard beneamd as Antonides) yn 1640 eigener wie fan Aldegea stemplaats 56; yn 1698 wie dat syn skoansoan dr Alserda; wa wit mear fan dy plaats foar 1640?

\*5 wa wit mear oer it âldste griffermearde doopboek fan Snits. It kin hast net misse dat Emilius syn mem Magdalena dêr yn 1591 doopt is (sjoch Alle Friezen). Mar se moat doe al lang troud west ha. Is yn it boek oanjûn dat it net om bernedopen gie? Snits wie blykber, lykas yn elk gefal Ljouwert en Harns, by Spaanse ynfallen flechtplak foar ferskate Wâldsers.

Noch twa fragen oer syk-'tochtsjes' wat langer lyn:

\*6 wa is by ondersyk wol de Ald Flaamse mennisten tsjinkaam; benammen dy fan De Knipe SKO, en deselden derfan dy't yn Sappemeer en sted Grins bedarren. Der kamen wol in pear werom, en dy hiene kontakt mei gemeente Drylts-Snits. Haring Idskes X.1 1685, X.2 1698. Syn earste skoanmem wie in suster fan Knypster foargonger Jeip Annes (sa.1632-1712). Dy troude lykas Haring Idskes ek twad mei in frommeske út Drylts. Wiene Jeip-Annes gemeente dus ek Alde Flamingen?

\*7 Yn it boek (1997) oer de neiteam fan Wyger Folkerts, steane trije broers Eilert, Tsjibbe en Age Wynalda, menniste-foargongers; harren suster Geeske waard yn 1751 frou fan mennistefoargonger en grûnlizzer fan 'It Nut' Jan Nieuwenhuyzen, in berne Haarlemmer. Oer Age Wynalda, dy't lang foargonger yn Haarlem west hat, komt no digitaal wol aardich mear ynformaasje binnen (derby ek fiksje!). De mem fan de broers wie fan de Damwâldster menniste-gemeente, heit Yte Meinerts is yn 1686 griffermeard doopt, en trije fan de bern ek. Wy wiene yn 1997 foar Age Wynalda te seil gien op JJ Kalma, 1961 menniste-foargongers; deryn neamt hy foar Age Ytes: fan 1733-'40 yn Berltsum, derfoar op Skylge (Flaams DG). It blykt no dat Age Wynalda al yn 1736 begûn as foargonger yn Haarlem, pas syn stjerjier 1792 wurdt neamd as lêste. Hy hat derfoar noch it seminarium folge (it Remonstrantse, it Doopsgesinde begûn pas yn 1735).

Yntusken is mear dúdlik fan de komôf fan Yte Eilerts: syn mem Tryn Ytes is griff. doopt 1644 yn Winaam –dus; yn 1646 har broer Age; guon út de rige bern fan snider/keapman Yte/Jitte Ages; dy stoar 1666. In Age Ytes bakkersfeint fan Harns X Ljw 1670/'71, se doopten yn Harns 1673 in Dieuke. (Kin Age yn Dokkum bedarre wêze?)

Myn fraach is no: hoe kaam dy 6-11-1712 yn Dantumwâld doopte, yn Dokkum berne soan Age fan koekebakker Yte Eilerts op dat seminarium yn Amsterdam, en waard hy al mei 24 jier mennistefoargonger yn Haarlem? De famylje fan syn mem wie aktyf mennist, mar hjir wie grif in sponsor yn it spul. Ik woe dat earst sykje by dy tsjustere foargonger Age Ytes op Skylge; de namme Age foar de Dokkumer, âldste bern, is oars ek net logys! Mooglik moat dy sponsor oars socht wurde onder de remonstranten/mennisten fan Dokkum?

Wytse Tjoelker, Ljouwert; [w.tjoelker8@upcmail.nl](mailto:w.tjoelker8@upcmail.nl)